

It ferhaal fan Willem Hazenberg

Op Tsiengerbuorren bin ik geboaren. Us heit wie dêr boer. Mar doe't ik fjouwer jier wie brânde de pleats ôf en gongen we nei Grou ta en kamen yn de Lytse Buorren te wenjen.

We wiene thús mei syn njoggenen. Ik hie fiif susters en we wiene dus mei syn fjouweren as jonges. Ik wie de jongste fan de jonges. We wennen yn de Lytse Buorren nêst de smid. Dat wie in Van der Schaaf en letter waard smid Groothengel ús buorman. Kees Wedman wie dêr feint. En oan de oare kant fan ús, yn in heel grut hús wenne Tjitte Hommes Dykstra. Dy wie rintelier. Hij wie de man fan de oaljemole oan de oare kant fan de Grouw. Dat wiene doe al âlde minsken.

Vroeger wie it sa op 'e skoalle dan gongen je yn de maitiid oer en ik wie alle klassen al troch. Ik hie acht klassen hân. Dan moesten je fan skoalle ôf. Trochlearen wie der net bij. En ik wie noch gjin 14 jier. Hoe't it presys gongen is dat wit ik net mear, mar ik bin bij de seilmakker kommen. Je hiene doe ek gjin keus. Offisjeel mocht ik net iens wurkje foar myn fjirtjende. Dus de plysje en de gemeente waarden der earst fan yn kennis steld. Sa begong it. Earst wie it hoofdsaaklik foar boadskippen mar je waarden wol oan it wurk setten.

It is bij Molenaar allegear nij wurden mar earst wie der in gêrsfjildtsje foar hús en dêr waard op taand. It hús stie noch wol in eintsje fan it wetter ôf en dat wie allegear eigen grûn. En der waarden de grutte seilen op taand. Nije seilen waarden de earste pear jier gewoan wyt brûkt mar nei in pear jier moesten se taand wurde en waarden se dus brún. Tsjin it hús oan wie earst in plak foar de ferkeap fan tarprodukten. Dan kaam de loads der 't de seilen, skûtsjeseilen, opslein waarden dy't taand wurde moesten. En dêr wer achter wie de taanloads. Yn dy romte wie in koperen tsjettel ynboud. Hielendal ynmetsjele. Under dy tsjettel koe stookt wurde en der boppe siet in grutte kraan yn de muorre. Yn dy tsjettel kaam dan it wetter en de eek. De eek wie de mealde bast fan ikebeammen en dat guod krigen we yn sekjes

oanlevere. De bak hie in trochsnee fan mear as in meter. De eek kaam bij it wetter yn de tsjettel en dan koe it fjoer opstookt wurde. De seilen sieten der wol in nacht yn mar hoelang krekt dat wit ik net mear. As it klear wie setten we der in grutte fjouwerkante bak bij wert we de seilen yn diene. Dy bak waard oerfearn, achter in boat oan, nei de oare kant fan de Grouw, want tane koe doe al net mear op dizze kant. Dêr brûkten we in stikje fan it String mei in skiphús derbij. Der stie in hege mêst mei in liere. De seilen kamen net lang oan de peal te hingjen mar kamen op it gêrs te lizzen. Om de safolle tiid moesten we it seil keare want beide kanten moesten wol gelyk opdrûgje. Dat kearen wie swier wurk. En dan wie it sa, dat ha ik noch goed ûntholden, dat as je iterstiid nei hús gongen krigen je de warskôging mei “As it ûnder it iten begjint te reinen dan komst hjir as de bliksem wer om it seil op te rêden,” want it seil mocht net wiet wurde want dan waard it sa bûnt as in ekster. Yn de rin fan de tiid hoefden we hyltyd minder te tanen. Der kaam oar seildoek. De technyk stiet noait stil. Tou waard net taand. Tou waard tarre.

Doe’t ik bij de seilmakker kaam wurke der ek in Alkema. Dy wie al kommen bij Simke Molenaar. Hij wie yn de Neare Steech bij Suderhofs – Pytsje yn de kost. Dy hie in winkeltsje mei skriuwmaterialen. Har man wie skuonmakker. Dy siet, yn in stiennen hok, tsjinoer it winkeltsje te skuonmeitsjen.

Yn 1942, ik wie noch mar amper 18 jier doe waarden je te wurk steld. De Arbeitseinsatz. Je waarden gewoan troch de Dútsers út it wurk helle. Je koene opsoademitere. Dat bliuwt mij noch altyd bij.

Dan bin je noch bern. Earst moesten we nei Ljouwert en de oare moarns betiid gongen we mei de trein fuort. Dat bliuwt mij ûntsettend bij. Ik witst wol wert ik hinnegong. Ik moest nei Bremen oan de Wezer. Go,go go, go. Ik wit noch best in treinfoel jonges Doe’t we yn Oldenburg wiene moesten we oerstappe. It wie skelle en raze en sa. It wie in grutte gekkeboel. Se fleagen fan de iene trein yn de oare. Troch de ramen gongen se nei binnen. Dy Moffen skelle, raze en dwaan en dan bin je amper 18 jier. Dat hat in hele grutte yndruk makke. Uteinlik kamen we yn Vegesack oan. Der wiene wol guon dy’t noch folle fierder moesten mar wij staptên dêr út. Ik moest nei in seilmakker. Dat wie allegear regele troch arbeidsbureaus. Doe’t ik útstapte wie it ynienen luchalarm. No wat wisten wij fan alarm. Doe koe ik wol janke. As se doe tsjin mij sein hiene: “Bist fan alles ôf, meist nei hús mar do moast rinne,” dan hie ik daliks

rjuchtsomkeard makke. Ik kaam bij in partijman mar hij wie wol goed foar ús. Wij koene wol langer wurkje om oeren te meitsjen sadat we twa kear mei ferlof nei hûs, nei Grou, ta mochten. Dat stie er ta. Ik bin der úteinlik in jier west. Doe kaam ik wer mei ferlof thús. En no wie it sa, ús heit hie syn radio noait ynlevere. Der wiene mear minsken dy't dat net dien hiene mar dy waarden letter benaud. Dan woene se de radio mar yn in sek tropje en yn de mar goaie. Us heit sei: "Bring him dan hjir mar." Dy hie op it lêst 5 radio's.

Der kamen dan minsken bij ús om op de radio nei de nijsberichten te hearren. En it bericht wie dat de Amerikanen krekt yn Italië land wiene. Froeger wie it bij ús sa: "Heit wie de baas." En dy sei: "No giesto net wer nei Dútslân." Dus ik moest ûnderdûke.

Ik kaam bij in neef fan mij op in pleats achter Hearefeen bij Rotstergaast. In boerestreek oan de Engelenfeart en dy kaam út yn de Tsjonger. Op dy trijesprong hiene se eartiids in skipperskafée boud. Poer op'e romte. It wie fanôf myn ûnderdûkpleats in lyts healoere rinnen foart je der wiene. Doe kaam der op in dei ien bij ús op de pleats fan de ondergrondse en dy siet yn it ferset. Dy hiene se achternei sitten mar se hiene him net krigen mar se hiene him wol troch de earmtakke sketten. It wie earst foar in pear nachten mar hij is bij ús bleaun. Doe ha se syn frou oppakt en dy kaam yn Ljouwert yn de gefangenis. En mei de oerfal op de gefangenis fan Ljouwert yn desember 1944 binne der wol fyftich minsken frij kommen en syn frou wie der ien fan. En sy kaam ek bij ús en in skoftsje letter kamen de twa bern ek noch. Sij wennen yn de opkeamer. Heit en mem sliepten yn de iene bedstee en de beide bern yn de oare. Mar it ûndergrondse wurk gong wol troch. En as it ûnfeilich wie yn Hearefeen dan kamen minsken fan de ûndergrondse dêrwei ek bij ús. We hawwe op syn meast wol mei in man of tritich west. Mar ja der wiene ek safolle mûlen. Dan slachten we ris in laam of in pear biggen fan sa'n 150 pûn. Ja ik holp ek. Alles leard. It gong fan kwea tot erger. Myn neef kaam in kear en sei: "Wolst mij jûn even helpe?" "Der komt in pream mei wapens en minúsje." Bij de pleats wie ek in grut hok. In soarte fan bij- skuorre dêrt ek stâlen yn sieten. En wij de hele jûn oan it tûgjen. Op de earste stâl, de bollestâl, dêr waard de boel delsetten der kamen in pear pakken strie foar en de doar, dêr siet net iens in klink op, dy krige in skop en dan siet er ticht. Myn neef sei: "No komt der moarn oars gjin ien yn't hok as do." "Wij gean fuort." De boer en de frou gongen nei famylje. "De faam wit der fan." "Do krijst wol in seintsje as de kofje klear is en dan komme der manlju fan de ondergrondse om de boel skjîn te meitsjen." It spul siet

te bot yn it fet. De wapens moesten skjin makke wurde. De oare moarns kamen der fjouwer mannen mei in blaffer laden en al. Ik sei: "Wat moat dat betsjutte." "Ja as de Dútsers hjir komme moatte we klear wêze." "Dan batse we der yn." Mar it is allegear goed gongen .

Doe nei de oarloch wer nei de seilmakkerij

Tusken de beide seilmakkers, Molenaar en De Vries, akedearde it noait. Beatrix hat doe yn der tiid in jacht oanbean krigen fan de Nederlânske befolking, De Groene Draeck, in Lemster aak. En dêr moest doe in túch op. Dat moesten se oannimme. Der moest op ynskreaun wurde. De Vries hat doe it earste túch der op makke en dat hat him ek jild kostte.

Der gongen gjin minsken fan Molenaar nei De Vries of oarsom. Sels bin ik ien kear frege. Braam fan Oostergoo wie befreone mei De Vries. Yn de hjerst gongen se altyd, as de drokte oer wie, mei fakânsje nei Spanje. Braam hie in depandance yn de Parkstrjitte. As se oan de Kade net mear sliepe koene kamen se dêre en dêr wennen wij achter. Wij hiene dêr in grut achterút oan it wetter fan de Baai ta. Ik koe hiel goed mei Braam en doe hat Braam mij ris in kear benadere om bij De Vries te wurkjen. Dat fûn ik doe net je dat. Dêr bin ik net op yngongen .Dat lei mij net. It gong sa. Op in kear wie it dûnsjen bij Braam. Ik wie frijgesel . Ik kaam de foyer yn en Braam sei: "Kom mar even bij mij sitten op'e bank." En syn frou kaam der ek noch bij. Dat ik siet tusken harren yn. Ik koe goed mei har. No, sei er tjin syn frou: "Ik ha wol sin oan in konjakje." "No ja" , sei se, "doch mij ik mar ien." Doe frege er: "Wat wolle jo drinke Hazenberg." Ik sei: "Doch mij ik mar in konjakje." Dêr siet ik mei in glês op in hege poat tusken Braam en syn frou yn. Myn maten setten grutte eagen op doe't se yn de foyer kamen. En doe frege er mij. Mar dêr bin ik noait op yngongen. Soks lei mij net

De seilmakkerij fan De Vries siet yn in âld tsiispakhús. Letter is der oan de Hôfsgreffkant in stik achteroan boud. Doe is har eigen wenhús plat gongen en binne se sels nei de Beatrixwei ferhuze.

We hiene splitspennen. Dy brûkten we as der in ooch yn it tou moest, of bij lânfêsten dan sit der meast op 'e ein in lus yn. Dan moest it tou splitst wurde. Dat diene we mei in izeren pin dy 't op in punt útrûn. Dêr koene je mei tusken de stringen stekke en it loaze ein der tusken dwaan.

Vroeger mei de skûtsjeseilen gong it doek altyd per jellen. In jellenstok wie 68 sm. Dan waard it doek ferdeeld yn in sechtjindel. 1/16 part. Dat wie dan goed 4 sm. De banen moesten oer de hele lengte dan sa fier

oan inoar naaid wurde. It doek waard ek ynnaaid om der in bolling yn te krijen. Bij it naaien hiene de minsken in learen want oan mei in izeren plaatsje yn de palm fan de hân. It wie sterk doek en mei dat plaatsje koene je de nuddel makliker troch it doek triuwe. De nuddel wie trijehoekich sadat der wat mear romte yn it doek kaam om de tried der troch te lûken. Om dat allegearre te berekenjen wie net sa mar wat. Fan dy skûtsjeseilen stie it allegear yn bestekboeken. Guods dêrfan binne tink ik ek nei museums tagongen.

De âlde Molenaar hie twa soannen en twa dochters. De iene dochter hat noait trouw west. En de oare wie mei Schurink trouw. Dy wie gemeente sekretaris yn Wytmarsum en waard letter yn de gruttere gemeente Opsterlân beneamd. Doe kamen se te wennen yn Beetsterswaach. Dêr is Pim geboaren. Hij krige trije nammen: Simke -Tsjerk- Anne. Nei syn pake en de beide omkes.

Der hat him safolle ôfspile! De technyk stiet noait stil. Der kaam sels in masine dy't de boel automatys snie. Mei 60 jier koe ik der út. Doe wie ik al weduwnaar. Myn frou stoar doe 't ik 57 jier wie. Op in dei sei Pim tsjin mij: "Takom jier wurdst 60 hi, dan kinst der út." "Vervroegd mei pensioen." Ik sei: "Ik bin allinnich, wat moat ik thús dwaan?" Ik woe dat net. Mar in pear moanne letter, doe waard it mei it wurk minder, doe sei er: "Der kin aanst ek noch wol ûntslach foar dij ûntstean." Ik wie doe al ien fan de âldsten. Sa bin ik bij de seilmakkerij weirekke.

Ja ik ha heel wat meimakke. Ik sis wol ris: "It like of hie ik in ingeltsje op myn skouder", want it hie yn myn libben soms ek heel ferkeard gear kinnen.